



Utslach Rely Jorritsma Fûns-priisfraach 2014

It bestjoer fan it Rely Jorritsma Fûns makket bekend dat de sjuery fan betinken is dat der dit jier ien fers yn oanmerking komt foar in priis fan it Rely Jorritsma Fûns. Fjouwer ferhalen komme ek foar in priis fan it Rely Jorritsma Fûns yn oanmerking, wylst oan ien ferhaal in 'blyk fan wurdearring' takend wurdt. It winnende fers is 'Wat opdage' fan Marije Roorda. De winnende ferhalen binne 'Flinteraikes' fan Lida Dykstra, 'Oer wurd en dea' fan Simen de Jong, 'Animaasjeknyn' fan Geert Nauta en 'Nea besite' fan Forina van der Zee. In 'blyk fan wurdearring' wurdt takend oan 'Yn 'e wyn op' fan Rixt Weiland.

Nije en eardere priiswinners

In part fan de priiswinners hat earder in Rely Jorritsma Fûns-priis wûn. Marije Roorda (1948) fan Broek wûn ek yn 2000 in priis foar in fers.

Fan de priiswinners yn de kategory proaza wûn Lida Dykstra (1961) fan De Knipe in Rely Jorritsma Fûns-priis yn 1999, 2009, 2011 en 2013; Simen de Jong (1942) fan Easthim wie ien fan de winners yn 2009 en 2012 en Geert Nauta (1964) út Wergea wûn yn 2013 in priis. Forina van der Zee (1971) út Ljouwert en Rixt Weiland (1990) út Ljouwert binne nij yn de rige priiswinners fan it Rely Jorritsma Fûns.

De sjuery

De sjuery fan it Rely Jorritsma Fûns bestiet út Edwin de Groot (foarsitter), Marga Claus en Ulke Broelma. In Rely Jorritsma Fûns-priis foar in ferhaal bestiet út in jildbedrach fan € 800,-, wylst de priis foar in fers goed is foar in jildbedrach fan € 200,-. In 'blyk fan wurdearring' wurdt beleanne mei in jildbedrach fan € 100,-. Der binne dit jier 14 fersen en 13 ferhalen ynstjoerd. Yn oktober wurdt it sjueryferslach publisearre op de webside fan ús gemeente, (www.littenseradiel.nl).

Priisútrikking

Op sneon 20 septimber 2014, middeis om twa oere, wurde de prizen fan de Rely Jorritsma Fûns-priisfraach én fan de Junior Rely útrikt yn de tsjerke yn Bears. Mei troch de muzyk, wurdt it altyd in feestlike en sfearfolle byienkomst. De middei is frij tagonklik foar elk dy't de Rely in waarm hert tadraacht. De útslach fan de Junior Rely is koartlyn al bekend makke.

Oer Rely Jorritsma

Rely Jorritsma is berne yn Jellum yn 1905. Hy hat yn Ljouwert, Hoogezand en Nijmegen op skoalle sitten. Hy koe goed tekenje en skilderje en hy koe ek aardich skriuwe. Der waarden gauris gedichten en ferhalen fan him publisearre yn ferskate Fryske tydskriften, mar der waarden noch folle mear ôfwisd. Rely hie in soad argewaasje fan dingen yn de Fryske Beweging en dêr hearde de opset fan de priisfragen yn dy tiid ek by. Hy fûn benammen de beleaning fierstente skiterich.

Testamint Rely Jorritsma

Yn syn testamint liet Rely Jorritsma fêstlizze, dat der in fûns oprjochte wurde moast om syn neilittenskip te behearen. De fruchten dêrfan soene dan tsjinje moatte as prizejild foar priisfragen dêr't koarte ferhalen en fersen yn it Frysk foar ynstjoerd wurde moasten. Doel fan de priisfragen wie it befoarderjen fan de Fryske literatuer.

Bekend fenomeen

De Rely Jorritsma Fûns-priisfraach is yn 'e Fryske literatuer in bekend fenomeen wurden. Yn 1954 kaam de earste oprop yn 'e kranten om in oarspronklik Frysk gedicht of koart ferhaal yn te stjoeren en sûnt dy tiid wurdt der alle jierren flink ynstjoerd troch debutanten en betûfte skriuwers. Bekende priiswinners binne: Durk van der Ploeg, Tiny Mulder, Eppie Dam, Hanneke de Jong, Sjoerd Bottema en Tsjêbbe Hettinga.

Foar de redaksje:

60 JIER RELY JORRITSMA - Feestlike priisútrikking yn de tsjerke yn Bears

De prizen sille útrikt wurde op sneontemiddei 20 septimber 2014, om 14.00 oere yn de tsjerke yn Bears. Jo binne fan herte útnoege om hjirby oanwêzich te wêzen.

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei Daniela Donker fan de gemeente Littenseradiel, (0515) 334408 of d.donker@littenseradiel.nl of mei Geesje Leemburg, (0515) 334456 of g.leemburg@littenseradiel.nl.

Wommels, 9 july 2014